

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: FNP, Sybren Posthumus
Mei-yntsjinner(s):

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

## MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	1 july 2020
Wurklistpunt	Startnotysje Ekonomy
Koarte titel fan de moasje	Goed plak foar ambacht en fakmanskup
De Steaten, yn gearkomste byien op de 1 <sup>e</sup> fan heamoanne 2020 heard hawwende de rieplachting; konstatearjende dat	
<ul style="list-style-type: none"><li>• Ambacht en fakmanskup net eksplisyt neamd wurdt yn de startnotysje as wichtich punt</li><li>• Der ek yn Fryslân in grut tekoart oan fakminsken is of driget en bedriuwen dêrom sels al bedriuwsskoallen hawwe of dy oprjochtsje</li><li>• Yn 2019 ien op de seis bedriuwen yn Fryslân oanjoech dat der produksjebeheinings wienen troch in tekoart oan fakkundich persoanial</li></ul>	
oerwaagjend dat	
<ul style="list-style-type: none"><li>• PS by startnotysjes oan it Kolleezje kaders mei jaan kin foar belied</li><li>• It net allinnich fan belang is dat persoanial teoretyske kennis hat mar dat ek omsette kin yn de praktyk</li><li>• In goede timmerman, skilder, elektrotechnikus goud wurdich is</li><li>• Fryslân der klear foar wêze moat as de ekonomy wer oanlûkt</li></ul>	
fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten	
<ul style="list-style-type: none"><li>• By de útwurking fan Programmaline 1, ûnderdiel 1 (Human Capital), in goed en eksplisyt plak te jaan oan de ambachtsekonomy en fakmanskup</li></ul>	
en gean oer ta de oarder fan de dei	

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)
	FNP, S. Posthumus

**MOASJE**